



# **KINST WOL MEI-ITE!**

**(Why Not Stay For Breakfast)**

**Komeedje yn trije bedriuwen**

**fan**

**GENE STONE EN RAY COONEY**

**Yn it Fryske oersetten troch**

**Anneke Burgy**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**

**Tel: 072 - 5 11 24 07**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

**Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

## **VOORWAARDEN**

Alle amateurverenigingen die het stuk: **KINST WOL MEI-ITE! - WHY NOT STAY FOR BREAKFAST** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **GENE STONE en RAY COONEY** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 2019 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet:** [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

**E-mail:** [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

**Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **4** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË:** Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

## **PERSOANEN:**

Wimer Kuiken - sawat 30 jier, in kreaze fint. Wat âlderwetsk

Lamkje Hoen - in jonge frou fan sa'n 17 jier, in hippy

Eppe - in jonge man fan sa'n 19 jier, in hippy

Folkert - in jonge man fan sa'n 19 jier, in hippy

Jong famke - as dûnseres

It stik spilet yn de tiid dat lang hier, oranje kleuren en hippy's yn de moade wie.

It earste bedriuw spilet op in jûn yn septimber.

It twadde bedriuw tsien dagen letter op 'e neimiddei.

It tredde bedriuw de moarns fan de oare dei.

## **TOANIEL:**

It stik spilet yn de flat fan Wimer Kuiken. It is njoggen oere jûns.

Wimer wennet op de earste ferdjipping fan de Muntflat op it Hearrenfean. It dekôr is in iepen wenkeamer mei links in sithoeke dy't sawat twa/tredde útmakket fan it toaniel. It oare diel rjochts is de iepen keuken. Tusken de twa dielen is in lyts ferskil yn hichte. Links is in finster mei in brede erker. It finster sjocht út op 'e dakken fan de huzen. De bûtendoar sit achter en komt út yn in lytse oerloop, dêr't wy treppen sjen kinne. Ek de sliepkeamersdoar sit dêr. De skieding tusken wenkeamer en keuken is oanjûn troch in lyts stikje muorre. De flat is dûdlik ynrjochte troch in man allinnich, de froulike hân ûntbrekt folslein en de muorren sitte fol mei âlderwetske foto's en platen. It meubilêr is in byinoar socht soadsje. Oeral steane nuvere dingen fan de rommelmerk. Yn it wendiel in grutte bank, in grutte stoel, in grut buro, in platespiler en in lyts taffeltsje mei drankflessen. Yn de keuken stiet in grutte kuolkast en sa mooglik in fornûs en in oanrjocht mei ûnderkastkes. Ek in tafel mei twa stuollen.

## EARSTE BEDRIUW

(*yn 'e keuken is it ljocht op, mar de wenkeamer is tsjuster. As it doek iepen giet is Wimer yn de keuken dwaande mei it iten. Hy hat in skelk foar. De keukentafel is klearmakke foar ien persoan, mar der stean ek skalen mei iten en der leit in itensidersboek. Op it gasstel steane trije pannen mei rys, " Suki Yaki " en der is ek wat ferbrând. Op it wurkblêd stiet in keuken-wekker. Troch de heal iepen gerdinen is wat ljocht te sjen fan bûten. Nei in pear tellen rattelet de keuken-wekker. Wimer sjocht yn it itensidersboek. Hy kriget wat fan de tafel en docht dat yn de panne mei " Suki-Yaki ". Wylst hy dit docht giet de telefoan. Hy wifelet, sjocht op syn horloazje en giet dan nei de bank. Hy bliuwt stean en rint dan stadich nei it ljochtknopke. Dan komt er werom en giet sitten, mar betinkt him en komt oerein, giet wer nei it ljochtknopke en docht it ljocht aan. Hy giet wer sitten, pakt de telefoan en begjint fuortdaliks te praten)*)

**WIMER:** (*yn de telefoan*) Ah...Reina... mmm? Wat moat ik net dwaan? Ik sis altyd " ah Reina "... Wa soe it oars wêze kinne? Dan soe ik gewoan sizze: " Ja, sorry hear, ik tocht dat it myn suster wie. Dy bellet altyd om dizze tiid. Mei ik dy der op wize datst fiif minuten te let bist? De dokter, fansels... Ikke? Ik wie yn 'e keuken.....Suki-Yaki...Suki-Yaki wat Japansk... Fansels kin myn mage dêr wol oer. Ik mei graach wat útfine, dat witst wol....fansels... Nee, nee... fansels net. Wêrom hast eins nei dokter west? (*op it selde stuit dat er it seit, komt it him yn 't sin dat er dat hielendal net sizze moatten hie. Hy hâldt de hoarn in skoftsje fan it ear ôf, dêrnei harket er wer*) Oan de nieren? Moatst ophâlde! Dat is net sa moai... (*Reina seurt oan ien stik wei oer har sykten en dêrom leit Wimer de hoarn op 'e bank en giet hastich nei de keuken ta. Hy draait alle gaspitten leger en giet dan hastich werom nei de telefoan, mar bliuwt ynienen stil stean en skinkt himsels in bytsje whisky yn in glês en kriget dan de hoarn wer op*) Allemachtich! (*fan boppen hearre wy muzyk*) Wat seist... ik ferstean dy net! Der is hjir in alderheislikst leven. Se hiene dizze flat net oan hippy's ferhiere moatten. It giet wol es de hiele nacht troch...dat ha ik dien... kinst likegoed tsjin in muorre prate. Der wiene earst twa, mar letter folle mear, it liket sa stadichoan wol in commune. Mar eh... wat woest my fertelle , leave? Dokter stiet dyn lever net, seist ... Oh dyn nieren... (*boppe hearre wy lûde stimmen fan Lamkje en Eppe. Wat der allegearre sein wurdts is net al te dúdlik, mar Lamkje hat it grutste wurd*) Mar berntsje, dat is ferfelend...in spesjalist...wêrom giest net in skoft nei ús mem ta? Wa? Ik ferstean dy net! Ik leau se

ha boppe spul.... (*boppe hearre wy in swiere klap*) Yn 'e fredesnamme, se komme noch troch de souder... dit komt net goed! (*de doar fan de flat boppe wurdt mei in hurde klap tichtsmiten*) Reina, it liket my better ta datst letter noch even werom bellest, ik kin myn holle der sa net by hâlde. Se ha hjir boppe daverjende rûzje, ik kin dy hast net ferstean. (*der wurdt lang belle by de bûtendoar. Wimer skrikt*) Oh... (*yn de hoarn*) der wurdt belle, bliuw hingjen. Ja, ja, ik kom al! (*docht de doar iepen. Lamkje komt der yn. Se komt út 'e wâlden en sprekt de ij foar ie út.* Se is sawat santjin jier en hat in himdjurkje oan. *In grutte tas mei in skouderbân hinget har om 'e lea. Fierder is se op bleate fuotten yn sandalen. Se is hast op it eigenwize ôf wis fan harsels. Se rint op alle dagen. Wimer is folslein ferbjustere. Lamkje komt wibelich de keamer yn en giet heal lizzend op 'e bank sitten. Wimer, dy't der folslein ôf is, rint nei de bank en sjocht nei har. Wimer yn de telefoan) Eh...Reina... ja, neat te rêden, ien hjir boppe wei...Nee, net ien fan dy jonge finten. (*Lamkje docht de eagen iepen as se dat heart*) Reina... belje letter mar even wer....Nee, ik bemoei my nergens mei... (*Wimer hâld op fan beljen en sjocht Lamkje oan*) Fielsto dy wol goed?*

**LAMKJE:** Stomme fraach.

**WIMER:** (*wol fatsoenlik bliuwe*) Sil ik in glês wetter foar dy helje?

**LAMKJE:** Hast kola?

**WIMER:** Nee... kin ik wat oars ynskinke?

**LAMKJE:** (*wiist nei it glês fan Wimer*) Wat is dat?

**WIMER:** Whisky.

**LAMKJE:** Doch my ek mar ien.

**WIMER:** Oh...soest dat no wol dwaan?

**LAMKJE:** (*kloppet op har liif*) Dêr kriget it bûkemantsje hier fan op it boarst. (*Wimer skinkt wat yn. Lamkje giet rjochtop sitten*) Och... dy ferrekte kloatsek! (*Wimer stiet stiif fan de rûge taal dy't se der útslacht*)

**WIMER:** Ik..eh...der wie nochal wat leven, ja.

**LAMKJE:** Dat wiene Eppe en ik.

**WIMER:** Eppe?

**LAMKJE:** len fan dy keardels hjir boppe.

**WIMER:** Oh.

**LAMKJE:** Wy hiene spul.

**WIMER:** Dat tocht ik al...

**LAMKJE:** Dy kloatsek...

**WIMER:** (*hastich*) Ja, ik begryp it wol.

**LAMKJE:** Ik bin sa bliid dat syn platespiler stikken is!

**WIMER:** Plate... wie dat dy klap?

**LAMKJE:** Ja...syn platespiler knalde op 'e flier útinoar.

**WIMER:** Hat er besocht dy dêrmei te reitsjen?

**LAMKJE:** Hielendal net....**ik** ha der mei smiten.

**WIMER:** God noch ta! (*jout har it glês*) Asjeblyft. (*Lamkje nimt in slokje, it is nochal sterke*)

**LAMKJE:** Dêr sil er wol op reagearje.

**WIMER:** Reagearje? Wa?

**LAMKJE:** Dizze hjir. (*kloppet op har liif*) Stamperke, boem, boem.  
(*Wimer knikt wat skrutel. Lamkje komt oerein, rint de keamer op en del, sjocht om har hinne mei it glês yn 'e hân*)

**LAMKJE:** De keamer fan de jonges boppe hat deselde yndieling.

**WIMER:** Is't wier?

**LAMKJE:** En ik nim aan dat de flat hjir ûnder kreksa is.

**WIMER:** Eh...mooglik ja.

**LAMKJE:** (*wiist nei de sliepkeamer*) Hast dêr noch in keamer?

**WIMER:** Eh...ja... de sliepkeamer.

**LAMKJE:** Boppe binne it ferdomme allegearre sliepkeamers. Do hast it dus toch in bytsje oars. Sis, hast hannel yn twaddehânsk guod?

**WIMER:** (*ferbjustere*) Nee...

**LAMKJE:** (*laitsjend*) It liket hjir wol in útdragerswinkel. Hast dy brol fan de foarige hierder oernommen?

**WIMER:** Nee, ik mei graach gekke dingen sammelje.

**LAMKJE:** Sis net datst dy binde mei opsetsin sa delsetten hast...

**WIMER:** Ja!

**LAMKJE:** (*sjocht om har hinne*) God noch ta, dit ha ik noch noait meimakke. (*rint nei de keuken, Wimer fynt dat mar neat*) De keuken sjocht der goed út.

**WIMER:** Oh, tige tank.

**LAMKJE:** Hé... der stiet dêr wat oan te brânen...

**WIMER:** Oanbrâne? Oan 'e kant! Oan 'e kant! (*stoot de keuken yn*) Och... ferdomme... (*ûnder it folgjend petear besiket Wimer de binde wer wat op te romjen. Ien fan de gerjochten is oanbrând, hy hâldt de panne ûnder de kraan*)

**LAMKJE:** Wat hast sean?

**WIMER:** Och, fan alles... it haadgerjocht is Suki-Yaki.

**LAMKJE:** Sooki wat?

**WIMER:** Suki-Yaki. It is Japansk.

**LAMKJE:** En do makkest it sels?

**WIMER:** (*drok dwaande mei syn pannen*) Sa is't mar krekt.

**LAMKJE:** (*besjocht it itensiedersboek*) Hast it hjir yn fûn?

**WIMER:** Ja.

**LAMKJE:** In weechskaal, itensiedersboeken, in skelk... kreas húsmantsje, hear! Falt neat fan te sizzen.

**WIMER:** (*eins wat op 'e teantsjes trape*) Ik kin my hast net yntinke datst hjir hinne kaam bist om myn kulinêre kwaliteiten te bepraten.

**LAMKJE:** (*begjint him te narjen*) Flean op!

**WIMER:** En faaks soesto dy wat ynbine kinne? Wat in taal, sis!

**LAMKJE:** (*laitsjend*) Wat tinkst ferdomme wol net fan dyn taal!

**WIMER:** (*freonlik*) It is al aardich let en ik...

**LAMKJE:** It is noch mar kertier oer njoggenen.

**WIMER:** (*docht as hat er har net heard*) Bin drok dwaande mei itensieden.

**LAMKJE:** Sooki Pooki!

**WIMER:** Sooki-Pooki...eh...Yaki!

**LAMKJE:** (*laitsjend*) Ik sit dy mar wat te pleagjen. (*earnstich*) Wat soest der fan sizze ast my es wat jild joust.

**WIMER:** Ik ha dy net goed ferstien, leau'k.

**LAMKJE:** Ik sei : " Wat soest der fan sizze ast my es wat jild joust".

**WIMER:** Wat bedoelst mei " joust "?

**LAMKJE:** Ik hie fansels ek "liene" sizze kind, mar do krigest it toch net werom.

**WIMER:** Dêr mienst neat fan.

**LAMKJE:** Jawol...

**WIMER:** Kinst der toch net samar ynkommé en sizze: " Wat soest der fan sizze ast my es wat jild joust ".

**LAMKJE:** Ikke wol.

**WIMER:** Soks ha ik noch noait meimakke.

**LAMKJE:** Dit spul smakket eins wol lekker. Ik ha noch net sa faak whisky dronken. Op de revolúsje! (*se nimt in swolch*)

**WIMER:** Op de revo...(*súntsjes*) lúzje.

**LAMKJE:** Tweintich gûne is wol genôch.

**WIMER:** Hoe seist?

**LAMKJE:** Tsien as tweintich gûne is wol genôch.

**WIMER:** Witst wol dat men soks skoaien neamt?

**LAMKJE:** Dat is gjin skoaien.

**WIMER:** Hoe neamsto it dan?

**LAMKJE:** Do begrypst der gjin soademiter fan, no? Ik jou dy in kâns om wat mei my te dielen

**WIMER:** (*begin*) Wat mei dy diele?

**LAMKJE:** In ûnderfining. It útwikseljen fan ûnderling minsklik fielen.

**WIMER:** Utwikseljen fan minsklik fielen?

**LAMKJE:** Relaasje. Kommunikaasje.

**WIMER:** (*sarkastysk*) It wurdt my helder .

**LAMKJE:** Mar do begrypst der likegoed neat fan.

**WIMER:** Rekkenje mar fan yes! It heart allegearre by dat moderne gedoch. New wave. No libje... betelje letter! Let's make love... not war. Wêrom wurkje? Klopje gewoan by ien oan en freegje om wat jild. Moat kinne, is't net sa?

**LAMKJE:** Do begrypst der de ballen net fan.

**WIMER:** Soest ophâlde wolle sokke taal te brûken!

**LAMKJE:** Do bist in bytsje in eamelpot.

**WIMER:** Ik soe net witte wat in eamelpot is, mar do silst wol gelyk ha. Ast dyn drankje op hast en in bytsje ta dysels kaam bist, soest es nei dyn man werom gean kinne.

**LAMKJE:** Wat man?

**WIMER:** Hoefolle hast der?

**LAMKJE:** Fal dea!

**WIMER:** Oh, yn dat gefal liket it my ferstannich ta om...eh...nei de heit fan dyn bern te gean.

**LAMKJE:** It is in groulik ein nei Grins...

**WIMER:** Dat hearskip fan hjirboppe is dus net...

**LAMKJE:** Sil ik dy es fertelle wat er is?

**WIMER:** No?

**LAMKJE:** Ik ken him noch mar in wike. Ik ha him tagelyk mei dy oare troffen yn in kafee.

**WIMER:** Ien wike noch mar?

**LAMKJE:** Hast ek in sjekje foar my?

**WIMER:** Ien..? Jawis. (*wiist op de doaze*)

**LAMKJE:** Is dat in sjek-doaze?

**WIMER:** Eins net. Ik sil dy wat aardichs fertelle. It is eins in betiid Victoriaanske waarmwetterkrûk. Hiel slim betocht; dy flappe moatst omslaan, dan dochst der wetter yn en ast der op sitten giest krigest in lekker waarm...eh....achterwurk. It is fertinne, sjoch mar, hjir komt der al wer koper trochhinne. Grappich, no?

**LAMKJE:** Hiel grappich... mei'k der ien pakke? Ik kom eins krekt út Grins wei, ik wist net wêrt ik hinne moast en doe sei Eppe dat ik wol by him komme koe. Mar wy hienen altyd spul, dus bin ik no mar fuortgong.

**WIMER:** Wêrom bist net yn Grins bleaun?

**LAMKJE:** Der wie altyd gedonder...

**WIMER:** Frjemd bern bisto, sis!

**LAMKJE:** Kinst wol sizze...

**WIMER:** Wat hast dy keardel dêr yn Grins nei de holle smiten?

**LAMKJE:** Syn broek, tink ik. (*se tinkt even nei*) Hoe sit it, krij ik jild fan dy? Genôch foar in pear nachten...

**WIMER:** No ja, ast nergens hinne kinst... Mar ik moat hiel earlik sizze dat...eh... ik net echt leau yn ... eh... sjoch... ik bin net gemien as sa. Ik jou oan in soad ynstellingen.

**LAMKJE:** No, toe dan man! Jou wat jild foar de Grinzer B.O.M. - klup.

**WIMER:** Bespotlik en dêrby, wat tinkst noch mei tweintich gûne te dwaan?

**LAMKJE:** Meitsje der fjirtich fan!

**WIMER:** It soe folle ferstanniger wêze om it wer goed te meitsjen mei Eppe en dêr te bliuwen oant datst nei't sikehûs moatst.

**LAMKJE:** Sikehûs?

**WIMER:** Foar de lytse pop.

**LAMKJE:** Leau mar net dat se my yn sa'n ferrekt sikehûs krije. Lês de kranten mar goed... ik kom der wei mei it ferkearde bern en sûnder bline term.

**WIMER:** Mar do hast der toch wol oer neitocht?

**LAMKJE:** Ik bin net sa goed yn tinken.

**WIMER:** Dokter sil toch wol es wat sein ha?

**LAMKJE:** Dokter? Wat dokter?

**WIMER:** (*stadich*) Bist noch noait by in dokter west?

**LAMKJE:** Wêrom? Elke idioat kin sjen dat it gjin swollerij is...

**WIMER:** Wat in tastannen.

**LAMKJE:** Ik begryp net wêrtsto dy drok om makkest. It duorret noch wol in wike.

**WIMER:** Oeh, leave bern!

**LAMKJE:** Al dat gesoademiter oer allinnich mar in befalling...it is krektlyk as beantsjedopjen.

**WIMER:** It liket yn de fierste fierde net op beantsjedopjen...

**LAMKJE:** Yn Yndia krije de froulju harren bern gewoan op it lân en gean dan gewoan troch mei it wurk...

**WIMER:** Mar ik sjoch sa wol datsto net in Yndiaaske frou bist! Soks kinst hjir op it Hearrenfean net meitsje, famke. Do hast alhiel gjin ferantwurdlikens-gefoel. (*hâldt de hân foar de holle*) Ik krij der daverjende pineholle fan.

**LAMKJE:** Ast sa dochst krigest it daliks ek noch oan de mage...

**WIMER:** Dat ha ik al.

**LAMKJE:** Bist troud?

**WIMER:** (*wachtet even*) Nee.

**LAMKJE:** Wol west?

**WIMER:** Ja.

**LAMKJE:** Hie'k al tocht... do sjochst der opfokke út. (*de telefoon giet*)

**WIMER:** (*sjocht op it skerm*) 2-3-9...oh... oh goeie, Reina....Hoe bedoelst?.. Oh...eh... ja...Nee, gjin probleem. (*sjocht nei Lamkje*) It wie in kollekte.... bernefûns as sa.

**LAMKJE:** Héé!

**WIMER:** Wacht even, Reina. (*tsjin Lamkje*) Wat is der?

**LAMKJE:** Ik moat even op de pot.

**WIMER:** Moat dat no?

**LAMKJE:** Hasto in better foarstel?

**WIMER:** Nee... no, goed.

**LAMKJE:** (*wiist nei de sliepkeamer*) Dêr?

**WIMER:** Ja!

**LAMKJE:** Merci. (*ôf yn de sliepkeamer*)

**WIMER:** (*yn de telefoan*) Sorry, hear... It wie... eh...deselde frou... dy fan dy kollekte, ja... nee, net wer kollektearje....ôfleverje?... myn flachje? It is my sa wol goed, Reina! (*Lamkje is der ûnderwilens wer ynkaam, se strûnt wat troch de keuken en priuwt fan de Suki-Yaki*)

**WIMER:** Se is fuort... moai... wie der noch wat? Woansdeitejûn? Lykas altyd? Fansels... ik moat oplizze, Reina... Fansels bin ik allinnich.

**LAMKJE:** (*ropt*) Mei ik fan de Sooky - Pooky priuwe?!

**WIMER:** (*hân op de hoarn. Ropt súntsjes*) Hâldt dy stil!

**LAMKJE:** (*súntsjes*) Mei ik fan de Sooky-Pooky priuwe?

**WIMER:** (*wer gewoan*) Ik belje dy moarnier wol wer, Reina. Doeck! (*Lamkje skept harsels in board fol iten op út alle pannen wei. Wimer hâldt op mei beljen en rint nei de keuken ta, ûnderwilens dochter it ljocht út yn 'e keamer*)

**LAMKJE:** Do hast in aardige pot.

**WIMER:** Dêr bin ik bliid om.

**LAMKJE:** Ast dy smoarge rubber-planten even ferjitte wolst, teminsten. Hjir heart rys by, is't net sa?

**WIMER:** Dat kin. (*sjocht nei har board*) Wanneer hasto foar't lêst iten hân?

**LAMKJE:** Ik soe't net witte. Wy ha wol bôle iten, leau'k. Ytst dit sels ek?

**WIMER:** Ast it net slim fynst...

**LAMKJE:** Fansels net .

**WIMER:** Tankjewol. (*Lamkje giet aan de tafel sitten, mar der is net in soad romte foar har búk*)

**LAMKJE:** Noch in gelok dat ik sa meager bin.

**WIMER:** It hat mooglik wat lang op stien.

**LAMKJE:** Nee, it smakket my bêst. Ytst altyd Japansk?

**WIMER:** Och leave... nee. Ien kear wyks wol ik ek wat oars ite. Ha se boppe telefoan?

**LAMKJE:** Dat moat wol ast tefoaren komme wolst dat gas en elektrysk  
ôfsnien wurdt. Wêrom fregest dat?

**WIMER:** Ik sil dyn freon belje, hy moat dy ophelje.

**LAMKJE:** Hy hoecht my net op te heljen, ik gean net werom. Ik kin der  
net oer dat ien de baas oer my spylje wol.

**WIMER:** Die dy oare fint dat ek? De baas spylje?

**LAMKJE:** Dy fint út Grins?

**WIMER:** Ja.

**LAMKJE:** Ik tink it al. Hy wist net wat er woe. Der wie mar ien ding dat  
er ferrekte goed koe... dat kin ik dy wol sizze. (*kloppet op har liif*)

**WIMER:** (*besiket der net tefolle oandacht oan te besteegjen*) Ooo...

**LAMKJE:** Ferdomme, wat wie dy fint gleon.

**WIMER:** Wat wie er?

**LAMKJE:** Sa gleon as wat!

**WIMER:** Wat wolst dêrmei sizze?

**LAMKJE:** Hitsich. Pystich. It wie in echte d'raufgänger.

**WIMER:** (*sûgich*) D'raufgänger?

**LAMKJE:** Nei't iten woe er wol trije kear. (*Wimer yt râstich troch, mar  
is al wat út it sintrum*) Bisto ek hitsich?

**WIMER:** Wolst ek wat mango chutney ha?

**LAMKJE:** Bin ik net sa sljocht op.

**WIMER:** Sels makke.

**LAMKJE:** Hasto dat makke?

**WIMER:** Ja.

**LAMKJE:** Kinst ek breidzje?

**WIMER:** Nee! Dat binne stokjes om mei te iten. (*Lamkje glimket nei  
him*)

**LAMKJE:** No hie ik tocht dat it betiid Victoriaanske breeders-prjimmen  
wiene.

**WIMER:** Nee hear, it binne echte yt-stokjes, Sineeske...Hiene eins  
Japanske wêze moatten.

**LAMKJE:** (*ynienen*) Au!! (*hân op har liif*)

**WIMER:** Wie der wat?

**LAMKJE:** Stamperke is dwaande.

**WIMER:** Hat mooglik in hekel oan praten ûnder iten.

**LAMKJE:** Eamelpot! Ooh! (*wer hân op it liif*) Dêr geane wy wer... Wolst  
ek es fieie?

**WIMER:** Nee, tankje. (*hy grypt gau de chutney*) Hast gjin freonen  
hjirre?

**LAMKJE:** Nee. (*ynienen*) Do sitst oer my yn, no?

**WIMER:** Nee! Mar ik fyn it al freeslik dat in famke as dy híerre wei giet súnder fatsoenlike ôfspraken te meitsjen mei dokter en sikehûs en sa.

**LAMKJE:** Tsjonge, dat is aardich...

**WIMER:** Do hiest by dy fint yn Grins bliuwe moatten.

**LAMKJE:** Wêrom? Dy hat syn diel wol hân, hear!

**WIMER:** Do moast wol gek op him west ha.

**LAMKJE:** No nee, net alhiel... mar it wie foar in skoftsje wol leuk mei him. Mar it hie ek net folle langer duorje moatten.

**WIMER:** Mar do krijst in bern fan him.

**LAMKJE:** No, wat soe dat?

**WIMER:** Do bist fansels ien fan dy jonge minsken dy't rjochten en plichten fan de maatskippij net ...

**LAMKJE:** Man, donderje op! Jierren lyn hiene se dy al begrave moatten, tagelyk mei de krystman, de waarmaan en de amtners.

**WIMER:** Ik bin in amtner.

**LAMKJE:** (*laitsjend*) Ik hie't wol tocht! Wêr wurkest? Sosjale saken?

**WIMER:** Ja.

**LAMKJE:** Ik hie eins net laitsje moatten...

**WIMER:** Oh... do hast dus toch wol each foar de gefoelens fan in oar.

**LAMKJE:** Nee, ik ha allinnich in hekel oan laitsjen. Wat dochst by sosjale saken? Postsegels plakke?

**WIMER:** Nee, ik bin gewoan amtner.

**LAMKJE:** Heech?

**WIMER:** Och... krekt ûnder it ôfdielingshaad. (*begjint mei útlizzen*) Mynhear Sanders is op it stuit ús ôfdielingshaad. It is eins in miskúkel, om earlik te wêzen. Nim no ferline wike tiisdei...

**LAMKJE:** Hoe lang ha se dy dêr al opsletten?

**WIMER:** Opsletten?

**LAMKJE:** Yn dy amtnerij!

**WIMER:** Achttjin jier.

**LAMKJE:** Jonge noch ta... gjin wûnder datst in eamelsek wurden bist.

**WIMER:** It is machtich moai wurk.

**LAMKJE:** Do bist gek.

**WIMER:** Nee, it is wier nuodlik wurk en it jout in soad foldwaning. Dochst in soad foar de mienskip en...eh....en...(*rekket fertize*) dat is in goed ding.

**LAMKJE:** Gemeente, sikefûns, sikehuizen, it establishment, kloaten.

**WIMER:** Ik soe wol graach wolle datst net sokke wurden brûkst!

**LAMKJE:** establishment?

**WIMER:** Nee.

**LAMKJE:** Wat dan?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via  
[www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en  
toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.



[info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)



072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**